

Sjueryrapport D.A. Tammingapriis 2022



Oanrin

Yn in literatuer dy't wat foarstelt heart in debútpriis te wêzen. De oanwaaks fan nij talint en de wurdearring dêrfoar is ien fan de kaaifaktoaren om de libbenskrêft fan de literêre tradysje yn stân te hâlden. Mei it nei foaren kommen fan nij talint komme yn de literatuer – mei men oannimme – ek nije eigentiidske tema's oan de oarder, en nije perspektiven op âldere tema's. Yn dy geast spriek kultuerdeputearre Jaap Mulder by de útrikking fan de earste Fryske debútpriis op 25 oktober 1984. Dat wie de Fedde Schurerpriis, de priis dy't de Provinsje Fryslân dat jier ynsteld hie, dy't om de trije jier takend waard en dêr't alle sjenres tagelyk yn meidiene. Dat hat tritich jier sa west.

Mar doe woe de Provinsje fan de Fedde Schurerpriis ôf. Elske Kampen krige de priis yn oktober 2012 as lêste útrikt yn in memorabele byienkomst yn Tresoar. Wa wit it noch? Elmar Kuiper gie yn it himd op 'e stoel stean en allegear skriuwers riisden oerein en begûnen troch inoar út eigen wurk foar te lêzen. Eeltsje Hettinga joech de ynliste oarkonde foar syn Fedde Schurerpriis út 1999 werom oan de ferstuivere deputearre Jannewietske de Vries. Se liet it objekt oan de ein fan de gearkomste stean, in moaie nije oanwinst foar de kolleksje fan Tresoar. It protest helle neat út. Gelokkich stapte de Stifting FLMD, ien fan de trije 'eigeners' fan Tresoar – yn geef Ingelsk 'stakeholders' – yn it gat. Foar de Fedde Schurerpriis kaam de D.A. Tammingapriis yn it plak.

Priis yn 2022

Sa kaam de Fryske debútpriis yn hannen fan in partikuliere stifting dy't alles sels regelje kin en gjin ferantwurding ôf hoecht te lizzen, oan gjinien. In wichtige feroaring neffens de Fedde Schurerpriis is dat de priis om en om takend wurdt foar poëzij en proaza en dat it tiidrek dat beflapt wurdt minder presys fêstleit. Geart Tigchelaar krige de priis yn 2017, doe gie it om poëzij út it tiidrek 2012 oant 1 april 2017. Dizze kear giet it om poëzij dy't dêrnei ferskynd is oan 1 desimber 2021 ta, yn totaal tolve bondels. Taheakke 1 jout in oersjoch fan titels, jier fan ferskinen en útjouwer. Geart Tigchelaar wurke mei oan de produksje fan de bondel *Fjoerdûnsers* fan Jetze de Vries dy't yn desimber ferline jier útkaam. Dêrom hat it bestjoer besletten dy bondel troch te skowen nei de folgjende omgong fan de D.A. Tammingapriis foar poëzij.

Wurkwize

It bestjoer hat ús alle trije ûnôfhinklik fan inoar frege foar de sjuery. Wy hawwe dat earfol fersyk graach oannommen. Yn totaal hawwe wy trije kear byinoar west. Yn ús earste byienkomst hawwe wy ús wurkwize bepraat en besocht ôf te beakenjen wat wy ûnder 'goede poëzij' fersteane.

Yn de beide oare gearkomsten hawwe wy yn yngeand oerlis de te bekroanen bondel fêststeld. Tuskentroch hat der ek noch in Zoom-gearkomste west en binne der ek noch wol wat e-mails en appkes hinne en wer gien fansels!

Goede poëzij

Poëzij is foar ús goede poëzij as dy jin as lêzer op ien of oare wize rekket, it lit jin net ûnferskillich. Dat 'reitsjen' is in kontenerbegryp, it kin spylje op allerhanne nivo's – yntellektueel, emosjoneel, estetysk en miskien ek pragmatysk.

As men jin ôffreget wat makket dat in gedicht jin rekket kin men sjen nei de tekstopbou, de taalhantearring en de ynhâld en dan de folgjende fragen as kritearium brûke.

- 1 Is der in gearhing yn de tekst, yn de bondel as gehiel? Fersterket dat de ynhâld? Is de titel fan de bondel tapaslik keazen?
- 2 Wurdt de taal suggestyf brûkt, wurdt de taal 'bybûgd' op in eigen wize, wurdt der mei taal boarte, wurdt der tusken de rigels mear ynhâld suggerearre – of is de tekst allinne beskriuwend, 'der stiet wat der stiet', ek al is it moai poëtysk ferpakt?
- 3 Oertsjûget de byldspraak, wurkje muzyk en ritme goed út, wurdt der gebrûk makke fan irony, sarkasme, ferrassingseffekten, ûntregeljen fan de lêzer?
- 4 Wurdt de rykdom fan it Frysk brûkt en hantearret de dichter goed Frysk?
- 5 Komme de ynhâld en taalhantearring ferrassend, nij en orizjineel oer of is it allegear klisjeemjittich en neffens bewende paden?
- 6 Is de tekst poëtikaal, kiest de dichter in posysje yn de tradysje, wurdt der reagearre op oare literêre teksten?
- 7 Hoe is de fersoarging fan de bondel? Is der in goede einredaksje (dat is te sizzen, is de dichter behoeve tsjin taalflaters of flaters tsjin de kontekst)?

De tolve debuten, in balâns

Wy hawwe ús yn 'e tarieding mei in protte wille ferdjippe yn de tolve bondels en wy fiele foar elke debutant sympaty. Al dy debutanten binne troch in hiel proses gien om har earste bondele wurk oan de wrâld ta te betrouwen. En dy is dêr net minder fan wurden! Dat soene je 'it wûnder fan de Fryske literatuer' neame kinne: tsjin alle systeemdruk yn binne der altyd wer nije minsken, jongere en âldere, dy't harsels uterje wolle yn it Frysk en har ferhâlde wolle mei wat de tradysje har oanrikt. By de measten giet dat lêste ymplisyt, it bleate bestean fan de Fryske literatuer jout har in struktuer om by oan te heakjen, se hoege net by nul te begjinnen. It kin ek eksplisiter: Sjoukje Veenstra ferwiist nei Rink van der Velde en syn skriuwersarke en Line Hut helle in rigel fan Elske Kampen oan as motto. Janna van der Meer, Joël Hut en Erik Betten reagearre ek bewust op wat de tradysje har oanrikt. Hoe dan ek, alle tolve binne de debutanten elk op syn of har eigen wize dichter.

In ferskaat oan tematiken kaam ús foarby, bewende en mear aktuele: ferlies, de perikels fan leafdesrelaasjes, lânskipsgeniet en lânskipspine, nostalgy, sykje om jins plak yn de wrâld, de dagen mei in psygoaze.

Wy hawwe hiel wat ôfgoogle. Alle faktermen, plaknammen, bûtenlânske dichters, stjerrebylden en alle oare rykdom fan de wrâld dy't men foarhinne sa gau net te plak bingekoe, wurde tsjintwurdich foar jin ferklearre yn it firtuele universum om jin hinne. Dat hat it lêspreses wol feroare neffens earder.

Even wat sifermjittige karakteristiken: It oantal debuten oer it tiidrek dat wy besjoen hawwe past yn de trend fan de jierren dêrfoar, nammentlik 2 à 3 jiers. De ferdieling oer de leeftiid fan de debutanten is breed en rint fan Line Hut mei 20 jier as jongste oant Fries om utens Geert Koenen fan 77 as âldste. De meast foarkommende leeftiid leit tusken de 50 en 60 jier, 5 fan de 12. De man-frouferhâlding is 7/5, ek dêryn wykt it byld net sterk ôf fan it eardere patroan. Foar wa't der mear oer witte wol, taheakke 2 jout in oersjoch fan alle poëzijdebuten sûnt 1993, earst allinne dy mei literêr karakter, fan 2008 ôf alle debuten, mei de leeftiid fan de debutant derby.

In oar ûnderskied is tusken útjeften by in fêstige útjouwerij en útjeften yn eigen behear. By ús tolve bondels binne trije yn eigen behear útjûn. Joël Hut syn debút ferskynde by 'de súdjouwerij' dêr't wy net fan neigien hawwe oft it in registrearre of in selsferklearre

bedriuw is.

In útjouwer moat der noed fan stean dat in dichtbondel kreas fersoarge en yn goed Frysk ferskynt. Dêr kin er eare mei ynlizze. Wannear't it om debutanten giet is de needsaak om de taal fan it manuskript goed te redigearjen namste sterker. Nei ús befinen is dat faak goed dien mar net by alle bondels, ek net by de priiswinnende.

Spesjaal omtinken wolle wy hjir noch jaan oan de beide debútbondels fan de jongste dichters, Joël Hut en Line Hut. De bondels hawwe itselde formaat en deselde opmaakstyl. De opdracht foaryn jildt beide kearen de oare dichter fan de twa. Dêr komt noch by dat Joël Hut him yn syn earste gedicht, 'hjrby', ferklearret as 'frynd fan' en dat er ek Line har achternamme oannimt. In dúdlik dichterlik span, alsa.

De seleksje

Foar it sjuerywurk praten wy ôf dat elk fan ús los fan de oaren de trije bêste bondels útsykje soe. Doe't wy byinoar kamen wie ús earste fêststelling dat gjinien fan ús trijen in bondel oanwize koe dy't derút kipe as in absolute winner. Alle bondels hawwe nei ús betinken sûnder útsûndering har kwaliteiten en har minder sterke kanten. Dêrnei sochten wy de bondels út dy't net yn de beneaming komme koene foar de priis. Om bar neamde ien in titel op foar de list fan ôffallers. Oer de earste fiif titels wiene wy ienriedich. Dêrnei bliek der ferskil fan ynsjoch te wêzen en waarden de plus- en minpunten tsjin inoar ôfwogegen. Yn taheakke 3 stiet fan alle tolve bondels in profyl. Wy hawwe dêr oanjûn wat ús yn de bondel oansprekt en ek wat wy der minder goed oan fine. De tolve bondels wurde opneamd yn alfabetyske folchoarder fan de titel.

Oan de ein fan ús seleksjeproses hiene wy noch trije bondels oer, *Börtersgrut* fan Joël Hut, *Famke fan snie* fan Paul van Dijk en *Unlân* fan Gerrit de Vries. *Börtersgrut* foel ôf omdat wy nettsjinsteande it nijsgjirrich karakter fan de bondel net oertsjûge wiene fan de poëtyske kwaliteit en de wearde fan it solistysk taalgebrûk. Yn de úteinlike ôfwaging tusken *Famke fan snie* en *Unlân* hawwe wy keazen foar it byldzjende en komplekse karakter fan de earste boppe it streekrijocht deryn batsen fan de lêste. Yn taheakke 3 falt dêr mear oer te lêzen.

Famke fan snie hat ien sintraal tema, it ferlies fan in lyts, tear famke, it 'famke fan snie'. De bondel is opset as in symfony yn trije parten en rint fan mineur nei majeur. Dat allegearre jout dit debút in hechte struktuer. It is gjin kleisang wurden mar in treffende en emoasje-oproppende ferbylding fan wat de dichter en syn frou meimeitsje nei it fatale momint fan 'it ynstoarten fan de nacht'. De ferdôving, de benearing, it net witte wollen, de bylden fan dy nacht dy't weromkomme, it libben fan oaren dat samar trochgiet, de wiffe foarútgong. Yn it twadde part fan de bondel komt der mear lucht, de helte fan de fersen giet oer allerhanne oare ûnderwerpen, de byldtaal wurdt mearkeseftich, fantasyryk en kompleks. Echo's fan oare keunstners klinke troch – skilders, skriuwers en komponisten. It tredde part fan de bondel stiet yn it teken fan in nij begjin, nije perspektiven en ek in nij jong libben. De dichter wit yn orizjinele en fantasyrike bylden syn lêzers mei te nimmen op syn paad fan inerlike groei dat er daliks yn it earste fers útset: 'ik bin ûnderweis/ en mei it geduld fan âlde beammen/ langje ik nei it ûntweitsjen/ fan wurden'. De fersen hâlde, hjir mear, dêr minder, wat fan in mystearje en liene har foar mear as ien kear lêzen.

As ôfsluting in ynkringend fers út de bondel om in priuwke te jaan fan wat dizze dichter yn 'e marse hat.

Yn it skaad

in swiete bôlelucht driuwt de buorren oer
siket in wei, ferdwynt, it liket der op
dat de bakkers trochgien binne mei bakken

gjin krante skriuwt oer it ynstoarten
fan de nacht, fan de wale oer ús hûs hinne
fan de doar deastil yn 't slot

dit binne minne tiden
it omslaan fan it waar
in slop ekskús om de stilte te oerrazen

yn it skaad wachtet de sliep
en do, myn leave skat
sikest myn hân

kjel wurd ik wekker fan 'e telefoan
in wyldfrjemde frou bellet
oer in *blije doos*

ik lis út dat ik net mear bin
wa't ik sis dat ik bin
dat ik mei har ferdwûn bin

Teake Oppewal (foarsitter), Janneke Spoelstra, Geart Tigchelaar
Ljouwert, 29 april 2022

Taheakke 1

Debuten foar de D.A. Tammingapriis 2022

Oanbelangjend tiidrek: 1 april 2017 – 1 desimber 2021

2017, fan 1 april ôf

Sipke de Schiffart, *Oan dy tinke : Leafdesgedichten dy't it bestean wat lichter meitsje.*

Hispel, Wiuwert.

Marije Roorda, *In spantou om 'e tiid.* Utjouwerij DeRyp, Blauhûs.

Janna van der Meer, *Wêzen.* Bornmeer, De Gordyk.

2018

Paul van Dijk, *famke fan snie.* Afûk, Ljouwert.

Geert Koenen, *Haulerwyk, Myn doarp, Myn heitelân.* G. Koenen, Rotterdam.

Sjoukje Veenstra, *Gjin sprút feroare.* Lecturium, Zoetermeer.

2019

Gerrit de Vries, *Unlân.* Hispel, Loenen aan de Vecht.

2020

Sander Hoekstra, *Brutsen en oare stikken.* Eigen behear, Oerterp.

Joël Hut, *börtersgrut.* de súdjouwerij, Ljouwert.

Friduwih Riemersma, *Myn binêre koade.* Grotesk, Amsterdam.

2021, oan 1 desimber ta

Line Hut, *Wurden dy't gjin haven ha.* Eigen behear, Ljouwert.

Erik Betten, *Palimpsest.* Utjouwerij DeRyp, Koudum.

Opmerking

It haadlettergebrûk yn titels is hjirboppe oanjûn neffens de titelside fan de bondel.

Fierder yn dit sjueryrapport binne titels skreaun mei in haadletter oan it begjin.

Profyl fan de tolve bondels



Börtersgrut

Joël Hut (1995) debutearre yn 2013 yn *Ensafh* ûnder de namme Joël Huitema. It earste fers fan *Börtersgrut* set yn mei de koarte ferklearring-yn-poëzij 'hjrby': 'dat ik as man/ júst bekend wurd/ as de frynd fan/ as joël hut'. Yn de oantekening achtern ferwiist er nei earder wurk ûnder syn 'jonkjesnamme' Joël Huitema. Mei dat gedicht en de grappige fynst 'jonkjesnamme' giet de dichter yn tsjin de genderregels fan it patriargaat. Boartsje mei genderidentiteit is in opfallend tema fan dit debút. Yn 'feroars' (32), dat in nijfoarming fan 'trans' liket te wêzen, wurdt boarte mei it 'beeld fan in frou' en it 'beeld fan in fent' en ek mei it 'beeld fan ferkeard'. Yn it fers 'ûntknoping' (17) wurdt subtyl in lhbt+-identiteit bleatlein: 'hij hellet it paars fan my ou / de ûntknoping fan myn blau / myn rôs ducht er los'. Op in oar plak: 'ik he för elk soart löcht wol eech,/ dit blau in rôze kleur' (29) – yn it lêste sit tagelyk in wurdboarterij omdat 'blau' yn Hut syn taal ek 'bleau' betsjut.

De dichter boartet ek mei klassike motiven. Ien fan de moaiste fersen út de bondel is it leafdesfers 'ezelshart' (20) dat op eigentiidske wize de myte ferwurket fan kening Midas mei de ezelsearen en de reiden dy't it nijs trochflústerje. 'Pygmalion' (15) is allyksa in subtyl leafdesfers dat troch de titel assosjearret oan learaar en learling. 'Gedicht 2' is in frijmoedige bewurking (der stiet 'fertaling') fan 'Carmen ii' fan Catullus, dat Sybe Sybesma yn 1987 ek al oersetse. Yn essinsje lit dizze oersetting in oare kant fan it boartsjen sjen: 'de sinnen oer wat trystichs wat fersette' (9).

Boartsje mei identiteit komt ek nei foaren yn it feit dat Hut skriuwt yn in sels oanrette taal, in mjuks fan it Súdhoekskfrysk fan Sint Nyk, hollanisten út de sprektaal en de standert skriuwtaal (ynklusyf de stomme r). Op de lêzer hat dy sels-oanrette skriuwtaal in ferfrjemdzjend effekt. Dat is wol wat fergelykber mei it lêzen fan it nuveraardige boekje *Toate-los* troch de skriuwer Tryns-Ryms út 1998, skreaun yn in soarte fan Pidginfrysk. De oerienkomst giet noch fierder, want Joël Hut struit rynsk mei net-grammatikale sinnen en dat die de skriuwer fan *Toate-los* ek. Foar ien fan ús is dy kompakte styl in stroffelstien, sitaat: 'op in pear útsjitters nei fyn ik de gedichten net sterk, net genôch útiten, net genôch groeid/ripe'. Hut syn taalgebrûk hat in priis, sa't er beseft yn 'o umlaut' (13): 'myn frys is/ sa lestich,/ ginien ken it leare'. Dat wurdt daliks boartsjendewei relativearre, want fierderop yn itselde fers blykt dat in iverige learling wis wol it ö-lûd sizze kin – dy markante fonologyske identiteitsflagge fan it Súdhoekskfrysk.

In bysûnder soarte fan boartsjen mei taal is de typografyske poëzij sa't benammen Reinder van der Leest dy fjirtich, fyftich jier lyn makke. Krekt troch de bekendens fan Van der Leest syn wurk makket Hut sines gjin orizjinele yndruk. Wol orizjineel is it ôfslutende boartlike fers 'Gebrûk fânne wetter cocker' (40). Hut ferbynt dêr it Súdhoekskfryske sjibbolet-wurd 'wetterkokker' op in drûch-komike manier mei útwrydske diakrityske tekens út allerhanne oare talen, as woe er sizze: apartichheden hawwe je oeral.

De titel *Börtersgrut* is tapaslik keazen. Dy ropt soks op as 'boartersguod foar grutte minsken' mar hy suggerearret ek 'de boarters binne grut wurden' – it eroatyske spul is der

by kommen. De bondel is opboud út trije skiften fan 8 fersen, 'spul wat der is', 'spul wat der spile' en 'spul wat der spile is'. Dy oardering wurdt net helder op grûn fan de ynhâld en hat sa wat makliks.

Alles byinoar binne wy ferdiel yn ús oardiel oer *Börtersgrut*. Guon fan ús wurdearje it spil mei de taal en Hut syn taaleigensinnigens as in markant part fan syn literêre styl en kleur – 'dat alles is Fryslân', om mei Postma te sprekken. Tagelyk ropt de brûkte taal wjerstân op dy't foar guon fan ús de sizzenkrêft fan Hut syn poëzij ûnderstek docht. Dêr komt by dat it net allinne om Súdhoekskfryske dialektfarianten giet mar ek om hollanisten lykas 'frynd' foar 'freon', 'beneden' foar 'ûnder', 'sich' foar 'him/har', 'hun' foar 'har', 'tot' foar 'oant' ensfh... Falle dy hollanisten noch ûnder it dialekt of binne se gewoan min Frysk? Wy hechtsje as sjuery ienriedich oan it brûken fan geef Frysk. By de measte bondels dy't wy hifke hawwe dogge de dichters dat. Wol Joël Hut mei syn partikuliere skriuwtaal it statement meitsje dat it gongbere skreaune Frysk him net 'eigen' genôch is? Makket sa'n yndividuele, eigen taal dyselde taal dan net tagelyk 'ûneigen' foar lêzers dy't in oar Frysk dialekt prate? Fiel Hut him as Súdhoekskfryskprater sa tekoartdien troch de skiednis dat er dy no rjochtsette wol? Is de Fryske skriuwtaal fan hjoed, dy't in lange ûntsteansskiednis hat, dan net it kollektyf besit fan alle Friezen dat har mei-inoar ferbynt oer de dialektferskillen hinne, oft je no Wâldfrysk of Klaaifrysk, Dongeradielsters of Súdhoeksk prate? Sjogge wy yn Joël Hut syn taalkar in utering fan de bredere maatskiplike spanning tusken it belang fan yndividuele identiteit en de wearde fan kollektive ôfspraken? Of giet it yn *Börtersgrut* om in artystyk talint mei in grutte driuw ta selsekspresje dat him neat oanlûkt fan syn lêzerspublyk? Al dy fragen meitsje *Börtersgrut* ta in nijsgjirrige bondel mar nei ús oardiel net ta de priiswinnende.




Brutsen en oare stikken

Sander Hoekstra (1964) is in tige warber man. Sa warber, dat er earst de skouderbonke brekke moast en twa moannen ferplichte stilsitte – doe koe er net oars as dichtsje oer wat him dwaande hâldt. Hy skriuwt gedichten dy't hast allegear opboud binne út strofen fan fjouwer rigels, faak mei rym abab. Syn gedichten jouwe sa tige de yndruk fan tradisjoneel rymwurk. De tematyk is keazen út it perspektyf fan in man op leeftiid en dizze bondel kin licht trochgean foar de manlike tsjinhinger fan dy fan Sjoukje Veenstra. De dichter is benammen in ferteller. Hy wol oantinkens, anekdoates, mieningen, dreamen en (swart)-romantyske gefoelens oan de lêzer kwyt. Syn taalgebrûk bliuwt by beskriuwen, sûnder fertichtsjen, klisjees giet er net út 'e wei. Soms is der mear ferbylding, lykas yn it fers 'V8': 'Man en masine wurde ien', wat er letter trochset troch te sizzen dat 'njoggen mannen fersopen' binne. Opmerklik is ek in fers assosjatyf opboud út songtitels fan Creedence Clearwater Revival (10).

Hoekstra syn taalgebrûk is geef, wat grif ek mei it fermidden fan syn komôf te meitsjen hat. Heit Klaas Hoekstra wie oersetter. Dy komt in pear kear yn de bondel foar, ûnder oare as opfieder yn it slagge fers 'De Smoker' (14). In ferwizing nei de titel fan 'e debûtbondel fan broer Eric is grif de rigel 'hielendal yn 'e besnijing fan 'e floeibere bân' (24).

Brutsen en oare stikken is tige krekt redigearre en by elk fers hat Skelte Braaksma in tekening makke.



Famke fan snie

Paul van Dijk (1981) is begûn mei dichtsjen nei it ferlies fan syn famke. Ut eksterne boarnen komt de lêzer te witten dat it om in fierstente ier berne berntsje giet en dat de bondel oan har opdroegen is ([LC 16 maart 2018](#)). It ferwurkjen fan dat ferlies is it haadtema fan *Famke fan snie*. Dat wurdt ek suggerearre yn de fersrigels fan Rilke dy't as motto oan de bondel meijûn binne. Se beneame it sykjen om de hân fan ien dy't as 'Wissender im Wehe' de dichter út it tsjuster lûke kin en treast jaan. Dat rikken fan de hân komt in pear kear werom yn de tekst: 'yn it skaad wachtet de sliep/ en do, myn leave skat/ sikest myn hân' (13) en 'do pakst myn hân/ en we dûnsje op alles wat oan flarden leit' (50).

De bondel is opset as in muzykstik yn trije parten. De skiften hawwe nammen fan toansettingen as titel. Se tsjutte in line oan fan mineur fia in tuskenbeidenfoarm nei majeur. It earste skift, 'Dm', begjint mei it iepenbrekken fan de dichter syn swijen, '... mei it geduld fan âlde beammen/ langje ik nei it ûntweitsjen/ fan wurden' (12) mei twa kear de oprop oan de lêzer 'nee, ûnderbrek my net'. In poëtikaal fers dat in programma foar de bondel foarmet. Dan folgje yn sân fersen ferskate kanten fan it ferlies dat de dichter en syn frou troffen hat, oantsjut as 'it ynstoarten fan de nacht'. De moaiste binne 'Yn it skaad' (13) oer de ûnderfining dat de wrâld trochgiet en him neat oanlûkt fan jins fertriet en it titelfers 'Famke fan snie' (18). Snie dy't samar raant is dêr it byld fan koart bestean en tagelyk is de snie ek it kled fan de dea dat oer alles leit wat oan har tinke lit.

Skift twa, 'G7', toant de lêzer in ferskaat oan ûnderwerpen. Ungefear de helte ferwize mear of minder dúdlik nei it grutte tema fan it ferlies fan it berntsje, bygelyks 'ik wol gjin sliepkeamers/ mei ferdôve dreamen' (23) en it doalhôf as byld fan fertwiveling (34). Muzyk spilet yn dit skift in wichtige rol. Yn 'Oer muzyk' wurdt de muzyk sels personifearre, 'sy dy't der altyd al wie/ sûnder har bist neat' (26), in markante parallel mei sa't Elske Kampen dichtet oer de taal. Mei 'Etude yn de rein' (27) wûn Van Dijk yn 2016 in Rely Jorritsmapriis. Yn de nochal stevige slotrigels 'oant de lêste noat as in dikke drip/ fersûpt yn in allesferswolgjende puozze' ferbyldet it fers mooglik de heftige emoasje dy't muzyk oproppe kin. En is dy puozze miskien in soarte fan 'pool of tears'?

Net alle fersen yn dit skift ferwize nei it sintrale tema. Dat jout de bondel lucht. Hoe tragysk en hoe heftich it fertriet ek is, der barre ek noch oare dingen. It jout de dichter faaks de nedige ôflieding. Opmerklik binne ek de motiven 'masker' en 'kostúm' dy't yn in oantal

fersen foarkomme lykas 'Moaiskyn' (16) en it riedselige 'Hoe't ik in sirkus waard' (32) mei de opmerklike oanwêzigens fan James Ensor, de skilder fan maskers en tagelyk ek in muzykmakker. Guon fersen yn dit skift dogge in yngeand berop op it assosjaasjefermogen fan de lêzer omdat de dichter mearkeseftige bylden brûkt dy't net altyd te folgjen binne. In kearnfers is it lêste, 'It útbrekken', in gedicht yn wûnderlânsfear oer it 'elysium' fan de fiksje dêr't – mei in wurd ûntliend oan Margaret Atwood – 'in the end, we'll all become stories'. Is de man dy't yn dat mearkelân opgiet in lêzer of in skriuwer? Fynt er dêr in útflecht of miskien treast? Oan de ein ferbrekt de tsjoen en driuwt 'tusken it wurdekroas' in kaai om werom te kommen yn de prozayske realiteit: "'moai datst der wer bist", seit syn frou/ en skinkt him in bakje kofje yn'. In ryk en bysûnder gedicht dêr't hjir net alles oer sein wurde kin.

It tredde skift, 'Cmaj7', giet oer de groei út it fertriet wei. Yn it iepeningsfers 'Beammebern' (43) wurdt dat sa sein: 'no komt it der op oan/ myn kostúms binne ien foar ien fuortwaaid' en 'wy beammen/ en ús einleas groeien/ wat ús sear docht sil bloeie/ op 'e siel in blom'. Wêr't de dichter yn 'Wyt blêd' (25) noch bang wie foar wat der op it wite blêd komme soe, stiet 'Puur linnen' (44) fol mei de symbolyk fan in nij begjin, ynklusyf de Wite Knyn oan it begjin fan *Alice yn Wûnderlân*. Wyt, ûnbeskreaun, sûnder pigmint, yn in winkel fol keunstnersark, it kin net op. Meinimmend is ek 'Needlot' (48) dêr't de dichter it needlot delset as in hûn dy't him achterneirint mar by einsluten klauwen hat om him by te hâlden. Mei it ferwinnen fan it fertriet ferstommet it inerlik petear fan de dichter mei syn famke fan snie. Yn 'Neigalm' (51) wurdt dat treffend delset as er yn in moeting mei in riedselich âld wyfke it boadskip trochjout 'ik bin heit wurden/ fan in jonkje, sis ik/ ja, it giet goed'. 'Spoaren' (52) makket de bondel rûn: hjir giet it ek om snie, no net as byld fan it fergonklik libben, mar krekt oarsom, as bewiis fan bestean: 'it jonkje set in stap en noch ien/ en lit syn earste spoaren achter'.

Sa is *Famke fan snie* in prachtich komponearre bondel mei ien sintraal tema dat foar grutte gearhing soarget. Troch it werheljen fan motiven bringt de dichter noch mear ferbân en betsjutting oan. Mei orizjinele en fantasyrike bylden wit er syn lêzers mei te nimmen op it paad dat er yn it earste fers útset. Troch ferwizingen nei keunstuteringen yn muzyk, literatuer en skilderkeunst – se binne hjirboppe net yn detail opneamd – ferknopet de dichter syn wurk mei dat fan eardere keunstbruorren en -susters en bringt er wat fan har geast yn syn tekst. De fersen bliuwe op guon plakken mystearje en liene har foar mear as ien kear lêzen en útlis. Al dy dingen meitsje *Famke fan snie* yn ús eagen ta de bêste en dus priiswinnende debûtbondel.



Gjin sprút feroare

Sjoukje Veenstra (1961) skriuwt fersen sa út it hert wei. Se meitsje in ûnbeslipe en frisse yndruk. Sy skriuwt út it perspektyf fan in frou fan yn de fyftich en jout in spegel fan har libben en har gevoelens. Oantinkens oan heit en mem, de jeugd en pubertiid, argewaasje om hoe't oaren har hâlde en drage, de omgong mei freondinnen, lust, leafde en fertriet, de oergong, lilken om ûnrjochtfeardeichheid, freugde fan de natoer en leafde foar Fryslân. De dichter is net benaud om it hert út te wierjen en harsels yn de etalaazje te setten, wat ek sprekt út it feit dat har bondel de iennichste is fan de tolve mei de dichter grut foarop op it omslach. De brûkte taal is beskriuwend, der stiet wat der stiet. Grappich is 'Skrale wiven', oer froulju op dieet, dat beslút mei 'Soene se no wol wat lekkers meie?' (16). Yn in mear poëtysk fers as 'Myn kâlde freon' (58-59) sprekt de dichter de wyn ta. De personifikaasje wurket goed, bygelyks yn 'Ik mei wol bakstiennen yn 'e bûse dwaan om/ stean te bliuwen. Om my te hoedzjen tsjin/ dyn driuwen', mar it stjitterige ritme fan it gedicht past net sa bot by in blazende wyn. De titel fan de bondel komt út in anekdoatysk portretsjie fan elektrisiteitsman 'Klaas triedsje' (61) dy't 'yn it harnas stjert' en 'troch de jierren gjin sprút feroare'. Dat gegeven komt fierder net as tema yn de bondel foar en sa bliuwt de titel wat los stean fan de ynhâld. De bondel is kreas foarmjûn. It taalgebrûk is spontaan neffens de sprektal en hat moaie wurden as 'prakketinke' en 'ik wurd sljocht'. De einredaksje lykwols hie wol wat skerper kind.



Haulerwyk, Myn doarp, Myn heitelân

Geert Koenen (1941) hat in migraasje-achtergrûn. Hy ferhuze as jonge fan 16 út Haulerwyk nei Rotterdam, omdat syn heit dêrhinne gien wie foar syn brea. It wie in skokkende erfaring en syn ferkearing skuorde derom út (52). Hy boude dêr in karriêre op, troude en krige bern. De oantinkens oan Haulerwyk komme op lettere leeftiid hieltyd mar wer 'sûnder rem nei boppe' (53). Hy beslút dy yn poëtyske foarm te sammeljen. De bondel giet yn haadsaak oer it doarp yn al syn fasetten. By elk fers stiet in foto. Rotterdam en Koenen syn letter libben komme der amper yn foar. Nostalgjy is it oerhearskjende gefoel. In wrange ûndertoan hat 'Allegear gelyk' (69), dêr't in Bosnië-feteraan ropt: 'Ik diskriminearje net ien ... / Ik haw in hekel oan eltsenien'. Koenen tinkt fan himsels dat er as dichter 'mei skriuwt yn de kantline' (7) mar hy fiert yn itselde fers immen op dy't him mei 'Dichter fan it Heitelân' oansprekt, dêr't er iroanysk op reagearret: 'Dy man hat der wier ferstân fan'.

It poëtysk taalgebrûk yn de bondel is minimaal, it giet meast om beskriuwingen yn de foarm fan poëzy. Soms is der in treffende metafoar: 'in hageskjerre/ knipte him/ tikjend troch de tiid' (23). Der binne in pear moai strakke fersen by dy't net misstean soene yn in literêr tydskrift of op 'e side fan Rixt. De bondel is sa't men faker tsjinkomt by eigen behearútjeften net profesjoneel foarmjûn mar dat hat grif de bedoeling ek net west. De spiraalrêch tsjûget fan in ûnpretinsjeus karakter. De einredaksje fan de tekst komt wat oan krapper ein.



In spantou om 'e tiid


Marije Roorda (1948) is in lette debutant dy't al 25 jier poëzij publisearret yn literêre tydskriften, temabondels en sa mear. Yn dat opsicht is dizze bondel hoe dan ek in spantou om de tiid. Roorda skriuwt yn ryk Frysk gedichten mei wat je yn fotografytermen in 'soft focus' neame soene. Der giet in mylde, ferstille, wat dizige en weromhâlden stimming fan út. Oerhearskjend yn dizze bondel binne bylden en sfeartekeningen dy't te krijen hawwe mei see, silerij en waadeilannen. De bondel is opdield yn trije skiften. De gedichten út it middelste, 'Stilsteand wetter', komme it sterkst oer. Se draaie om it ferlies fan in beminde. Der is gjin opstannigens of lilkens mar in rouferwurking yn stilte, 'lien my moedfearren om fan tichtby/ de wjukslach fan 'e stillens te hearren' (24). Yn it prachtige 'Winteling' ropt de dichter bylden op fan in syltocht by Denemarken, libjend yn de faasje fan it no, sûnder 'de lingte fan ús libben' te fernimmen – troch de nautyske kontekst mei in rikere betsjutting. In moai fers is ek 'Dachsistút', dat mei knappe bylden it teloargean fan in romantyske leafde foar jin set. Nêst de fersen dy't oer de foarbye leafdesrelaasje geane, steane in lyts tal dy't in oertsjûgjende poëtyske sfearympresje biede oer bygelyks ljochtmoanne boppe in winterske Iselmar (38) of hurdhouten peallen yn in haven (36). Bysûnder is it fers oer it skipfeartmuseum yn Snits, 'It Erfskip' (16), mei de slotsin 'Wat west hat, driuwt yn tûzenfâld nei hjoed.'

De fersen út de oare twa skiften hawwe oer it generaal lykwols minder sizzenkrêft as de boppeneamde. Dat komt ûnder oare troch personifikaasjes dy't net oertsjûgje. Yn 'Genegen nei de fierte' (8) sprekt de dichter it eilân oan en yn 'Slingerstream' (10) liket dy slingerstream as 'ik' oan it wurd te wêzen. Dat yntrigearret net genôch; de slotrigels 'En foar my seach ik myn byldestronk/ fersplintere troch dreameskyn' jouwe de yndruk as wol de dichter it te moai opsizze, in kwalifikaasje dy't foar mear fan dizze fersen jildt.

De titel fan de bondel komt werom by it lêste fers, in sonnet. It lit de ûnmooglikheid sjen om de tiid, persoanlik oansprutsen as 'Tempus', nei jins hân te setten by it âlder wurden. De personifikaasje fan de tiid drukt lykwols swier op de earste sin en jout it hiele gedicht in wat keunstmjittich karakter, as wie it optocht om de knappe metafoar 'in spantou om 'e tiid' hinne.


De toan fan Marije Roorda har poëzij lit jin yn de fierte tinke oan it wurk fan Baukje Wyttsma. Apart is in rigel as 'Ik brek fan fearten it glês' (23) – klinkt dêr it wurk fan Elske Kampen mei? Sa lit dizze bondel moai sjen hoe't yn de Fryske literatuer teksten inoars

boppetoanen foarmje.



Myn binêre koade

Friduwih Riemersma (1962) skreau mei dizze bondel neffens eigen sizzen 'zeer experimentele poëzie' (*de Volkskrant*, 21 sept. 2021). De bondel is opboud út titelleaze gedichten mei meast sidebrede rigels. Strofe-oergongen binne ferfongen troch alineaynspringingen, sadat de tekst de yndruk wekt fan blokken proaza mei frije regelfal oan de ein, in tige hybride literêre foarm alsa. Soms binne de gedichten koart, in pear rigels mar op in side, inkele bestrike mear as ien side en hawwe in ynterliny mei * as ekstra skiedings-teken tusken tekstblokken. Oant safier oer de uterlike foarm. Dreger is it om wat te sizzen oer de ynhâldlike gearhing. Op tekstnivo presintearret de dichter in rige fan bylden dy't grammatikaal goed rinne en lange streamende sinnen foarmje mar dy't amper fierdere gearhing toane. It taalregister dat de dichter iepenlûkt is ryk, de Fryske wurdskat wurdt goed útnutte. Mar wat wolle al dy bylden oerbringe behalve har eigen isolearre betsjutting? It is as rikt de dichter ús in blok stien oan, 'hjr hast materiaal, meitsje der sels mar wat fan'. Of, in oare metafoar, it is as hawwe je in kast fol mei moaie transparante plestik doazen fan ûnderskaat formaat. Dêr sitte los trochinoar alle legostiennen yn opburgen fan de bern doe't dy lyts wiene. It binne in almeugend soad, prachtich materiaal yn in kleure- en foarmerykdom dêr't de ein fan wei is. Mar tagelyk is it kreas ferpakte disoarder. Of, in tredde fergeliking, dizze bondel lêze is as stean op in brêge oer de Maas dy't bolderjend bûten syn iggen ûnder jin trochstreamt. Mei giseljende gong sleept it wetter allerhanne objekten mei dy't yn 'e stream bedarren. Inkeld, hiel even, nimt it dingen mei dy't fan ien plak lykje te kommen en is der in suggestje fan gearhing en ferbân. Lykas it gedicht oer skake mei pake (14) en ek dat op siden 50-51 mei bylden oer beppe. En dan blykt ek daliks wêr't dizze dichter ta by steat is. 'Se hat myn bernewein moai by it heechhout opwrot mar/ steil omdel teskoar tsjin de brêgelinging noedzje dom/ straks sakket it bloed yn it holtsje fan de stakker en grypt/ de beppesizzer beet it plaatsje fan har profeet mei in/ punêze op 't lewant.// Ik sis ta ik sil net gûle en beppe wolst nea stadich/ wâdzje ommers in bilske faam dy springt yn 't djippe as/ in kontbom mei de earms om 'e knibbels in daverjende/ plûns: dus hja lûkt sa myn losse molketosk: en ik piisbek/ raze om gazeusespoetnik.'. Riemersma kiest derfoar om dizze poëtyske styl te hantearjen, it is net in leppelfol *scriptible* sa't de dichter op side 9 freget mar in fetfol. As wy de boppe oanhelle term 'eksperimintele poëzij' lêze yn de betsjutting fan 'in eksperimint mei taal oangean en benijd wêze wat dat opsmyt' dan is ús konklúzje: in moedich eksperimint om sa eigensinnich mei de taal om te gean, mar foar ús hie der wol wat mear *lisible* yn dit miel kind.



Oan dy tinke

Sipke de Schiffart (1959) presintearret de lêzer yn *Oan dy tinke* in 'dichterlik ik' dat troch ien ûnderwerp dwaande hâlden wurdt, de frou. De wize wêrop't er dat yn poëzij jit is bytiden sublym. Dizze poëzij driuwt net op metafoaren of oar poëtysk taalgebrûk, mar op de direkt te pakken anekdoate, irony, pointe en boppe alles hyperboal, soms yn stappen opboud. Yn de Fryske literatuer wiene earder Trinus Riemersma en Bartle Laverman masters fan dit soarte sobere poëzij, sij it elk mei oare toan en tematyk. It motto fan de bondel is ûntliend oan Goethe en warskôget de lêzer: tink derom, dit is net sa mar út de loft grypt, dit is basearre op de werklikheid. De Schiffart set sa it fiksjonele ramt fan syn poëzij noch mear ûnder spanning.

Yn de bondel steane 75 gedichten mei koarte rigels, ferdield oer sân skiften, plus ien ôfslutend gedicht. As je de bondel yn ien kear fan begjin oant ein trochlêze jout dat it effekt fan in konsert yn minimal music. Alle gedichten hawwe in fergelykbere toan en stadichwei feroaret der wat, soms even wat sterker. Sa kriget it gehiel in goed trochtochte opbou. Yn de gedichten fan de earste twa skiften is de frou de dichter syn dreamkeninginne, syn leave sjaperone of it ûnderwerp fan skrinend mar swiet weromtinken. In moai foarbyld is it iepeningsfers 'Oan dy tinke' (11) mei de lêste strofe 'as ik oan dy tink,/ of oan dy tocht ha,/ fiel ik my altyd/ in bytsje/ lichter/ as foardat ik oan dy tocht'. Yn 'Eveline' (32) giet it om in lange, ljochte hier fan freondinne Eveline op de dichter syn jas. By it sjen dêrfan is er elke tsjinslach treast – sels dat Magnus Carlsen ferliest by it skaken of de rouwe om syn ferstoarne buorman. Yn dizze earste tweintich gedichten wurdt amper tute, lit stean dat der yngeander liiflik kontakt is.

It earste fers fan skift trije, 'Assosjaasjes' (35), lit de lêzer by alle komike oerdriuwing ynienen in dissonant yn it foargeande patroan fiele troch de keppeling fan 'frou' en 'fisklucht'. Dêrnei komt de frou nei foaren as 'foarsisber', 'egoïstysk', fêstklamperich, by in weromsjen nei tritich jier as 'dom wiif' en letter ek as opportunistysk. Troch de oerdriuwing en kontrastwurking hâlde de gedichten har humor en wurdt de feroaring fan toan wat ferhoalen. Mar der komt in flut jittik yn, it is net mear inkeld oanbidding en útskroevenens. Yn skift fjouwer is de tematyk fan alle trije eardere te werkennen. Ien fers kipet der wier út, 'Life is what happens to you' (62) – it lit op in ferrassende en orizjinele wize sjen dat in ûnwierskynlik goede prestaasje om guon redenen soms net wurdearre wurde kin, sa't wy oan de ein fan dit stik oer *Oan dy tinke* ek fêststelle.

Dan, yn de skiften fiif en seis, wurdt it tiid foar de biologyske basis fan de leafde. Yn it earste gedicht 'Angelyn' (65) leit de oanbidden frou neaken yn *beaver shot* 'klear/ foar de leafde'. Mei deselde poëtyske techniken as earder neamd komme alle fasetten fan de 'ik' syn leafdesbelibbing foarby: neuke (soms), ôflûke (faker), ôfsûge wurde, flibe fan de leafste opslikje, pus fan har op de tonge nimme, de leafste har poeplucht snuve, har pis trochslokke en drûge woarsten as dildo's. As foarbyld in oanhaal út 'Echt': 'as je echt fan ien hâlde,/ slikje je it gat fan je leafste skjinn,/ ek al hat se weak poept,/ it is in ferslaving,/ je kinne der neat oan dwaan' (82). In oar fers set sa yn: 'op 4 maaie, tsjin achten,/ ûnder de Deadebetinking op de Dam,/ dan kinst dy it bêste/ ôflûke op Máxima' (77). It ôfslutende skift rûnet de totaalkomposysje fan *Oan dy tinke* moai ôf. It aktive leafdeslibben is oer, de dichter begjint oan syn libbensein te tinken. De leave famkes binne no klaaid yn ferpleechsterswyt. By einsluten hopet de dichter dat er stjert mei syn jeugdleafde foar eagen. De útsmiter (it lêste gedicht) is dat de 'ik' it nei alle sykjen om in famke of jonge frou opjout en krekt dan fan de goaden de leafste frou fan 'e wrâld taskikt kriget. Dan seit er grimmitich: 'betanke jonges, mar wat earder hie ek mochten'. Oan de lêste sin ta in swarte romantikus.

By it lêzen fan dizze bondel komt men foar de fraach te stean hoe fier oft men jin meinimme lit troch de oansteklike styl fan de dichter. Guon lêzers sille de humor en it kontrast tusken ferheven en plat wurdearje. Net elk lûkt dêr deselde grins. By ús roppe in oantal fersen in gefoel fan wjersin en fan wearze op. Dy wearze liket allinne oproppen om – miskien by wize fan provokaasje – it effekt. En dat is úteinlik net wat wy sykje yn poëzij.



Palimpsest

Yn Erik Betten (1976) syn debútbondel rjochtet de dichter him mei it iepeningsfers dalik streekrjocht ta de lêzer, 'Ad lectorem'. Hy wol, seit er, yn 'prefesterfrysk' syn 'ôfstân nimme,/ orakelje fan tiid en romte en ferlet' en tagelyk ek 'stim jaan oan wat yn it bern/ dat ik wie, [...]/ ûntstie'. Dêrmei fettet er de ynhâld en de toan fan de bondel moai gear. It prachtige gedicht 'Earste fers' begjint mei de opdracht 'spesjaal foar/ Fers twa'. Dêrmei spegelet de dichter him oan Hessel Miedema. Dy skreau syn 'Lêste fersen' (yn 1964) 'spesjael foar/ Fryslân/ Oerein!', doe't er definityf ôfskie naam fan syn Frysk dichterskip. Betten – net Frysktalich grutbrocht, mar letter wol yn de gelegenheid om him it Frysk oan te eigenjen – pakt 'syn plicht foar it Heitelân oer' op wêr't Miedema dy oerjûn hie. Dat allegear omdat Abe [de Vries], redakteur en mei-oprjochter fan ynternettydskrift *Fers2* en yn it gedicht mei namme neamd, seit fan 'De Memmedichters drûgje op'. Der ûntstiet in gat yn de merk en Betten slút sa as 'twaddehâns taalmigrant' oan by in lange rige fan Friezen dy't ús taal letter oanleard en dêr grutte poëzij yn skreaun hawwe, om te begjinnen by Gysbert Japicx *himself*.

It earste skift giet oer in bysûnder soarte fan meartaligens. Betten waard grut mei in dôve heit en in healdôve mem en sa learde er ek gebeartetaal ([FD 7 oktober 2021](#)). Foar sokken is der in aparte term, 'coda', Children Of Deaf Adults. Se wurde altyd achte te tolkjen tusken de lûdleaze wrâld fan har âlden en de talen fan de bûtenwrâld. De dichter jout yn 'Fuga' (18) dat oersetten moai wer mei 'betûft de liende wurden sjonge yn gebearten, finzen tusken talen'. Oersette betsjut tsjinstber wêze en dat ropt oan de ein de fraach op 'Silst oait in eigen grûntoan fine?' It gedicht 'Fuga' is neffens de ûndertitel as in kleisang foar coda's bedoeld, mar de toan is earder skôgjend as fertrietlik.

Op grûn fan de bondeltitel liket in wichtich motyf yn *Palimpsest* de fraach wat fan de wrâld en de foarstelling dêrfan bewarre bliuwt mei it ferrinnen fan de tiid. In palimpsest is in perkamint dat skjinskrabe wurdt om der wat nijs op te skriuwen, oer it âlde hinne: 'Ljocht dat skimket lit/ wat wie nochris bestean,/ ferfrissele mei farske halen' (51). Itselde tema sit yn mear fersen, lykas yn 'Presinsje' (37), dêr't de dichter him ôffreget, yndachtich de hieltyd trochgeande fering fan sellen yn it liif, 'Bin ik sa/ stadichoan myn sânde, tachtichste, miljoenste sels?'

De skôgjende toan dy't hjirboppe al neamd waard yn 'Fuga' is karakteristyk foar de hiele

bondel. Dat jout de gedichten in ôfstanlik karakter, noch fersterke troch it brûken fan frjemde wurden of faktaal, lykas 'ostrakon', 'rêverie' of 'damnatio historiae'. Dat type fersen moat syn kwaliteit helje út yntellektuele skerpte, humor, taalboartsjen. Betten syn poëzij lykwols is benammen beskriuwing en oertinking yn poëtyske taal mei bytiden in knappe metafoar. Yn 'Ierdewurk' (40) sjocht de dichter syn bestean as boetseard út klaai – gjin orizjineel byld, mar wol sterk is de ôfsluting 'Of bist, in klaaido lyk,/ in treffer ôf fan diggeljen?'. De boppeneamde ôfstanlikens knypt namste mear wannear't it in waarmbloedich ûnderwerp oangiet, lykas yn 'Eva sliept' (42). Lust wurdt dêr foar in part delset yn beredenearre en betochte taal (oanjûn yn kursyf) : 'waard ik wyld/ *ik kin it oars net neame. Feromoanysk sêd,/ en toarstich nei dyn swit, dyn skoat, dyn byld.*' Gearfetsjend: it earste skift fan de bondel foarmet troch syn nijsgjirrige tematyk, de persoanlike achtergrûn en de hege ynset in oansprekkend gehiel, yn de rest koe de dichter ús mei syn 'orakeljen' (sa't er it sels neamt yn it iepeningsfers) net genôch meinimme.



Unlân

Yn Gerrit de Vries (1969) syn *Unlân* ûnderfynt de dichter syn bestean as libje yn it ûnlân. Dat ferwurdt er yn rauwe en rjocht-foar-de-raap fersen. De earste twa skiften hawwe as titel 'dêr' en 'hjr'; it iepeningsfers ferbynt dat daliks mei 'doe' en 'no'. De tsjinstelling leit alsa yn romte én yn tiid. De fersen 'dêr' en 'hjr' (9 en 21) litte in parallele opbou sjen en lykje beide trochinoar yn Fryslân en yn de Rânestêd te spyljen. De toan hat wat grimmitichs, gjin nostalgyske dreamerij oer earder, de wrâld wie hurd en de wrâld is hurd. Pake oan wa't de dichter inkelde goede oantinkens hat is heal fergetten (10), fan beppe hat it libben in hurden-ien makke (11) en dat de leafde fan mem net rynsk wie, wol er wol útraze (26). Der binne fersen oer de skille kontrasten dy't de grutte wrâld sjen lit (22), it ûnkearber ferfal fan (froulike) skientme (18), in iroanysk kommentaar op de lju dy't gjin bestearsromte gunne oan flechtlingen (31) en in yllúzjeleaze fize op 'e wrâld, ferwurde troch de skepper bluisterich te begekjen: 'no stoer hear/ dat gegriem fan dy/ mei klaai en wetter/ en útbrutsen ribben' (32). De dichter fertolket soms in hurd macho-perspektyf as it om froulju giet. Hy hat it oer 'in famkesjaar' (17) en yn it fers 'Burkini' (29) wol er froulju inkeld sjen as se 'fris en fruitich' binne, 'âlde wiven' hâldt er net fan. It fers 'Sniewyt' (23) is in knappe poëtikale apology oer de dichter syn realistyske wize fan skriuwen. Snie wurdt der foar him net witer fan as der moai yn lyryske poëzij oer skreaun wurdt. Al by al snijt de dichter yn dizze twa skiften in protte aspekten oan fan it tema 'libje yn it ûnlân'.

Yn skift trije, 'Thús', folgje de fersen de bloei en de delgong fan in leafde, 'ik haw dy leaf krigen/ mar alles watsto wiest/ is samar ferdwûn' (45). By de fersen fan dit skift binne in oantal dêr't ús oardielen tige útinoar rinne – wêr't de iene de sizzingskrêft sterk en orizjineel fynt is dy foar de oare oerspand of klisjeemjittich, lykas de rigels 'do bist myn batterijlader/ myn dialyzefilter/ myn pompstasjon' (41) of it fers 'Dream' (36). Mear ienriedige wurdearring hawwe wy foar 'Wat libbet yn my' (50). De dichter fielt him dêr 'in ko mei skerp yn' en syn 'oantinkens lûke/ de jas al oan'. It leafdesferhaal einiget mei it gedicht 'Grêfskrift' (51) oer de dichter syn ûnfermogen de leafste mei syn dichtsjen te berikken: 'do heardest/ inkeld it kweakjen/ fan in koele kikkert'. It slotfers 'Unlân' lit moai sjen: hjir, lêzer, bin ik no bedarre. Sa falt de ferlerne leafde ek ûnder it 'ûnlân-gefoel'. Yn syn realistyske styl balansearret de dichter op de grins tusken sterke metafoaren en te folle eksplisiten of metafoaren dy't net spoare. Sterke bylden binne û.o. 'helder as in/ tichtslaande hikke' (10), '[as] dyn bek as in blikskijre/ de sulveren râne/ om myn wolken

weiknipt' (42) en 'op in sliepstien/ sil ik myn dreamen skerpje' (47). Yn in fers as 'Fjild' (14) giet de byldspraak lykwols oer de top, alle brûkte bylden werhelje inoars strekking en wurde oan de ein gearfette as 'ree foar elk misbrûk leit it geile fjild/ der wer huorrich by// de slet'. Datselde prosedee fan trochbreidzje op ien metafoar wurdt ek tapast by 'Film' (37), 'Astronomy' (44) en 'Flinter' (43), mei wikseljend resultaat.

As einoardiel fine wy *Unlân* in rike, spannende en ûnmeilydsume bondel dêr't de dichter syn bluisterige en eksplisite kant krekt net genôch yn de macht hat om as bêste fan de tolve debuten út de bus te kommen. De lêste strofe fan 'Grêfskrift' (51) liket in goed foarnimmen oan te jaan foar in ferfolch op dit sterke debút: 'ik beitelje it fuortoan/ wol om de letters hinne/ en tusken de rigels yn'.



Wêzen

Janna van der Meer (1969) dichtet yn smelle fersen oer wat ticht om har hinne is. Se ropt in poëtysk sfearbyld op, se heint in loksmomint yn wurden, in observaasje, of se bout in fers op nei in fraach. Moai ferbyldet se lok en harmony yn 'de terp' (52) en 'konfetty' (53). Yn it earste is de terp it byld foar burgenens en feiligens, yn it twadde komt in kloft ljippen by de frou oer as konfetty, in feestlike erfaring, ynbêde yn de hanlingen fan de man: hy bellet har mei syn mobyl en 'hy ropt heu/ syn fee rint/ de oerâlde gong': it moderne nije en dat wat altyd al west hat mei inoar ferbûn. It gedicht 'de fluchtelingen' (44) kontrastearret de nij ynkomen minsken mei de âlde bewenners. Beide fiele har net burgen, wa moat wa befrije? In skrinend ferline dat mar net ferdwynt sprekt út de fersen 'foarbij' (43) en 'swevers' (26): 'as ik yn myn tinken/ reizgje nei wat wist is/ wêr gean ik/ dan hinne'. Nêst in oantal oansprekkende fersen lykas de boppeneamde hawwe de measte fersen yn *Wêzen* te min sizzenskrêft en bliuwe se sûnder ympakt op de lêzer. Der sit net genôch spanning yn. Yn it lêste sitaat hjirboppe stiet 'wist is' dêr't 'west hat' bedoeld is. Yn har foaropwurd jout de dichter oan dat se nei tritich jier om utens weromkommen is yn Fryslân en no har thúsfiel wol yn lân en taal. Se ûnderfynt in grutte ôfstân tusken it skreaune Frysk en de taal dy't sy meikrige yn Aldegea (SWH). Se wol skriuwe sa't se praat. Dat is in útgongspunt dat foarbygiet oan it gegeven dat de skriuwtaal no ienkear net in 1-op-1 delslach is fan hoe't je prate, namste mear omdat yn de bondel ek wurden steane as bygelyks 'skonken', 'dreamen', 'tinzen' en 'sêft' – prachtige Fryske wurden dy't de measte Aldegeasters yn de deistige omgong grif net sa yn de mûle nimme. Mear oer dit punt is oan de oarder by it debút fan Joël Hut. De bondel is prachtich útjûn mei om de side in sfearfolle natoerfoto dy't past by de tekst: meast winterbylden yn close-up mei markante foarmen sûnder al te folle detail.



Wurden dy't gjin haven ha

Line Hut (2001) hat in prachtich bondeltsje skreaun dat de lêzer meinimt yn de wrâld fan minsken mei in psygoaze. Net lykas Elmar Kuiper dy't dêr as broeder wurke en dat yn syn poëzij werklinke lit, mar as pasjint. Yn it motto splitst se har dichterlik ik ôf fan wat har yn it echt oerkommen is mei in oanhaal út it wurk fan Elske Kampen: 'Oan ien dy't fallen is en leit lien ik my út'. Dan folgje 22 fersen dy't op in spontane en hast argeleaze wize har situaasje ferbyldzje – de medisinen, de kamera dy't jin altyd sjocht, de psygoazes, dat wat je net mear witte, de begelieding. Trije fersen binne skreaun neffens teksten fan maatskippijkrityske tinkers: Rosa Luxemburg, Lenin en Andrea Dworkin. De ferhâldingen yn de maatskippij litte Hut net kâld: 'hoe giest om mei oarstinkenden/ minsken dy't net doge/ want at de measte minsken doge/ wêrom stimme se dan sa kut?' (26). Sûnder patetyk skriuwt de dichter oer wat har yn de holle omtiist, 'ik skaak eltse dei/ 3D, tsjin mysels/ yn myn eigen holle' (24). Tinke oan in selskeazen dea wurdt ferbylde yn 'foarwêze' (28) dat hjir folslein oanhelle wurdt: 'ik moat se foarwêze/ mei it plukken fan myn blêden/ ik freegje om bystân/ by it knappen fan myn stâle/ want at ik it net doch/ dan dogge sy it wol/ wurd ik útstoart oer see/ mar nee/ ik haw noch te folle/ behannelingsmooglikheden'. Yn in fraachpetear jout Hut oan dat se yn har psygoaze bang wie út in helikopter yn see smiten te wurden, as yndertiid yn Argentinië ([FD 21 april 2021](#)). Op de earste side fan de bondel stiet yn grutte letters de opdracht 'Foar Joël Hut' en dêrûnder (dis)credits oan in hiele list fan medisinen tsjin wanen, hallusinaasjes, eangsten en sliepeleazens. It ropt in fers fan Pier Boorsma út 1971 yn it sin, 'Brief út in ynrjochting' mei krekt deselde tematyk. De titel fan de bondel is tige sprekkend en op it omkaft moai typografysk werjûn.

By alle kwaliteiten dy't de bondel hat, is de omfang tusken de oare bondels te beheind. Miskien kinne je sizze dat Line Hut har fersen krekt wat te gau bondele hat. It 'jeugdfer' (út 2004, Line Hut is dan 3 jier) freegje wy ús fan ôf oft dat der wol yn moatten hie. It Frysk sit inkeld noch wolris in bonkje yn lykas 'wasklij(e)n' (20), in wat mislearre wurdgrapke. Sa net, Line Hut presintearret har mei *Wurden dy't gjin haven ha* as in rju ûnthjittend talint.

Oanfoljende opmerkingen oer de einredaksje fan guon bondels

Famke fan snie

It stiet de Afûk as útgjower te priizgjen dat dy de kwaliteit fan dit wurk sjoen hat en de bondel útjaan woe. De útgjower hie de tekstredaksje lykwols yngeander en miskien ek kritysker útfiere kind.

In spantou om 'e tiid

De bondel is mei soarch foarmjûn en goed redigearre. In opmerklik puntsje dat men tsjintwurdich by hiel wat Fryskskriuwers tsjinkomt: de oanstried om by alle haadwurden 'har' as besitlik foarnamwurd te brûken. Twa kear is by in it-wurd praat fan 'har dit-en-dat', wylst sa'n wurd yn de skriuwtradysje no ienkear mei 'syn' giet.

Myn binêre koade

De bondel is fersoarge útjûn yn in *basic* styl. Op guon plakken kin de redaksje noch wat skerper.

Oan dy tinke

Oer de útfiering: neat oars as treflikens.

Palimpsest

De foarmjouwing fan de bondel is prachtich, wat de redaksje oangiet fûnen wy mar inkele bonkjes, lykas de konstruksje 'boartsje sjen' yn plak fan 'boartsjen sjen' (56).

Unlân

De bondel is hast flaterfrij besoarge en goed redigearre, op in pear punten nei. Sa is it ferskil tusken 'boerd' en 'board' dertroch slûpt (11). In nuver fersin sit yn it fers 'Dêr' (9). De dichter hat wol wat mei stjerrekunde, sa't ûnder oare blykt út it fers 'Astronomy' (44). Yn 'Dêr' neamt er de 'Plejaden', de sân stjerren út it stjerrebyld Bolle (yn moai Hollânsk it 'Zevengesternte'). It kin de master misse, út de kontekst docht bliken dat er de 'Perseïden' bedoelt.

Poëzijdebuten

Mei bertejier fan de dichter en leeftiid yn it jier fan debutearjen

Debuten mei literêr karakter 1993-2007

1993

1994

1995

1938 57 Tine Bethlehem, *Swietroken & koperblazers*. De Oare útjouwerij

1996

1969 27 Albertina Soepboer, *Gearslach*. Frysk en Frij

1955 41 Tsjisse Hetteema, *Tsi tsi*. Eigen behear

1932 64 Fenne Rebel [ps. fan Jacques van Gent], *Bûtendoar boartsje*. Kopwyt

1949 47 Sybout Hartog, *Sânglê*s. Utjouwerij Fryslân

1997

1961 36 Anne Feddema, *Slapstickiepenbierings*. Koperative Utjouwerij

1938 59 Frâns Holwerda, *Wâldmans hikke*. De Delta, lokaasje Aldlân / KU

1998

1955 43 Eeltsje Hettinga, *Akten fan winter*. Steven Sterk, útjouwer

1944 54 Gryt Witbraad, *Prelude*. Utjouwerij Frysk en Frij

1999

2000

1927 73 Aggie van der Meer, *De stêd, it bist, de ingel*. Utjouwerij Frysk en Frij

1960 40 Eric Hoekstra, *De floeibere bân*. Utjouwerij Frysk en Frij

1961 39 Lida Dykstra, *Frou Ule*. Utjouwerij Frysk en Frij

1974 26 Tsead Bruinja, *De wizers yn it read*. Utjouwerij Bornmeer

1969 31 Hein Jaap Hilarides, *Tersk*. Utjouwerij Frysk en Frij

1947 53 Pim Rodenboog, *Meande Wurden*. Utjouwerij Frysk en Frij

2001

1959 42 Willem Schoorstra, *Ynwijing*. Utjouwerij Frysk en Frij

1959 42 Jabik Veenbaas, *Metropolis*. Utjouwerij Bornmeer

1949 52 Mindert de Wit, *In skepke letters*. Eigen behear

2002

1965 37 Abe de Vries, *De weromkommer yn it ûnlân*. Utjouwerij Bornmeer

2003

1954 49 Klaske Hiemstra, *De skaadfrou*. Utjouwerij Venus

2004

- 1976 28 Arjan Hut, *Nachtswimmers*. Utjouwerij Bornmeer
1969 35 Elmar Kuiper, *Hertbyt*. Utjouwerij Bornmeer
1962 42 Janneke Spoelstra, *Goeie is it wachtwurd*. Utjouwerij Frysk en Frij
1961 43 Foppe Venema, *In slach om 'e pleats*. Utjouwerij Frysk en Frij
1929 75 Klaas Feenstra, *Guozzekloft*. JéJé-publikaasjes

2005

- 1940 65 Anneke Gerbrandy-Posthuma, *Trappearre*. Utjouwerij Frysk en Frij
1937 68 Andries Miedema, *Wynfearren by 't lemieren*. Utjouwerij Frysk en Frij

2006

- 1952/1956 54/50 Antsje en Martsje Mud, *Sprekkende tekens*. Talant
1964 42 Jouke Hylkema, *Beabuorster monologen*. Utjouwerij Venus
1926 80 Jelle Zwart, *Sân skeppen sâlt*. Utjouwerij Frysk en Frij

2007

- 1959 48 Simon Oosting, *Rauwe fisken op wynfearwolken*. Bornmeer
1939 68 Roel Slofstra, *Alter ego: lieten*. Utjouwerij Fryslân

32 bondels oer 15 jier; 33 dichters, 22 man, 11 frou.

Fan hjir ôf alle debuten

2008

- 1979 29 Grytsje Schaaf, *Sûnder sweltsjes*. Friese Pers Boekerij
1980 28 Hidde Boersma, *De rop om Doede*. Friese Pers Boekerij
1980 28 Sytse Jansma, *Wa't tate seit moat ek whisky sizze*. Friese Pers Boekerij
1963 45 Edwin de Groot, *Ik skip*. Bornmeer
1964 44 Jan Kleefstra, *Fragminten*. Friese Pers Boekerij
1961 47 Ytsje Hoekstra, *Dûbel fjouwerjen*. Bornmeer
1952 56 Ridzert Postma, *Loslitte*. Elikser
1970 38 Janny Braaksma-de Vries, *Mem yn dizze tiid*. Elikser

2009

- 1927 82 Atze Bosch, *Alles op syn tiid*. KFFB
1939 70 Wietske Jelierse-van der Heide, *Sinneskyn en wetterdrippen*. Elikser
1960 49 Tryntsje van der Veer, *Binnentún*. Elikser

2010

- Jildou Elgersma, *Finzen tusken libben en dea*. Elikser
1955 55 Elske Kampen, *Fan glês it brekken*. Friese Pers Boekerij

2011

2012

- 1946 66 Wieke de Boer-Hiemstra, *De sirkelgong fan de tiid*. Eigen behear
1951 61 Sytse van der Werf, *Gedichten en lieten fan Sytse van der Werf – Wâlddichter/Wâldsjonger fan Achtkarspelen 2009 - 2011*. Gemeente Achtkarspelen

2013

- 1955/1956 58/57 Harke Bremer & Jarich Hoekstra, *Leffert : in heldedicht yn tolve sangen*.
Bornmeer
- 1963 50 Folkje Koster, *FersKaat*. Eigen behear
- 1959 54 Matty de Vries, *Wakkerweromsjen*. Utjouwerij Frysk en Frij

2014

- 1946 68 H.M. Daams [ps. fan Harm Damsma], *Sjochst no wol*. Elikser
- 1953 61 Tomke Dragt [ps. fan Ihno Dragt], *25 Frisse Fryske ferskes, sa mar út myn Hollânske pinne drippelle*. Walraven de Granje
- 1938 76 Marijke de Haan, *De Brekken*. Utjouwerij Frysk en Frij. Twatalige útjefte.
Oersetting yn Nederlânsk troch dichter sels
- 1973 41 Ate Grypstra, *As deldwarreljende jiske*. Gemeente Achtkarspelen

2015

- 1958 57 Hinke Veenstra, *Lang om let*. Eigen behear

2016

- 1989 27 Sigrid Kingma, *Reade triedleas/Red wireless*. Stichting Utjouwerij Frysk en Frij
- 1987 29 Geart Tigchelaar, *Leech hert yn nij jek*. Hispel

2017

- Suzan Bosch, *Achtkarspelen in Collage*. Gemeente Achtkarspelen
- 1959 58 Sipke de Schiffart, *Oan dy tinke*. Hispel
- 1948 69 Marije Roorda, *In spantou om 'e tiid*. DeRyp
- 1969 48 Janna van der Meer, *Wêzen*. Bornmeer

2018

- 1981 37 Paul van Dijk, *Famke fan snie*. Afûk
- 1941 77 Geert Koenen, *Haulerwyk, myn doarp, myn heitelân*. Eigen behear
- 1961 57 Sjoukje Veenstra, *Gjin sprút feroare*. Lecturium

2019

- 1969 50 Gerrit de Vries, *Unlân*. Hispel

2020

- 1964 56 Sander Hoekstra, *Brutsen en oare stikken*. Eigen behear
- 1995 25 Joël Hut, *Börtersgrut*. de súdjouwerij
- 1962 58 Friduwih Riemersma, *Myn binêre koade*. Grotesk

2021

- 2001 20 Line Hut, *Wurden dy't gjin haven ha*. Eigen behear
- 1976 45 Erik Betten, *Palimpsest*. DeRyp
- 1964 57 Jetze de Vries, *Fjoerdûnsers*. Hispel

39 bondels oer 14 jier; 40 dichters, 21 man, 19 frou.